It Fryske tydskrift foar bern fan de boppebou

Tsjil

Us iere midsiuwen

KOM NEI IT FRIES MUSEUM

STRJIT-NAMMEN YN MIDDELSEE





HANNEL BY DOARESTÊD

Kening Redbad

Wat is in skeatta?

Nije searje Tsjil Tsjekt!

Aktrise Minke gie werom yn de tiid

1

Jiergong 30
septimber - oktober 2026

Ynhâld

3 **Kom fierder**
Nije redakteur

4 **Gedicht**
Kening

5 **Sjoch my**
Aktrise Minke gie werom yn de tiid

6 **Linkke Side**
Redbad: kening fan de Friezen

8 **Sydstrjitsje**
Strjitnammen yn de wyk Middelsee

10 **Koart ferhaal**
Redbad Spektakel

12 **Tsjek dit**
Aardige weetsjes

14 **No sa**
De munt, de stêd en de iisko

16 **Tsjil Nijs**
Tsjil Tsjekt

17 **Der op út**
East-Yndiske kers

18 **Net te leauwen**
Natuer yn Redbad syn tiid

19 **Puzelside**
Puzels en mopkes

20 **Strip**
Bauke, Nynke en Bram







Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Redaksje:
Tjitske van Akker en
Gabrielle Terpstra
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Fotobureau Hoge Noorden
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl./tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Goeie!

Efkes foarstelle: ik bin Gabrielle en ik wurkje sûnt in oantal moannen by Tsjil. Ik help Tjitske by it meitsjen fan Tsjil en dit is de earste edysje dêr't ik folop oan meiwurke ha!

Dat komt mei dit tema goed út, want yn myn fakânsje yn Sweden kaam ik hiel wat runestiennen tsjin. Runen binne tekens dy't se yn de iere midsiuwen brûkten as skrift. Yn Sweden binne der noch in hiel soad fan bewarre bleaun. Op side 14 fertel ik der mear oer.



Ik wie op fakânsje mei myn freon Axl en myn hûn Spock. Spock is al alve jier âld en hat hiel grutte earen. Se hâldt fan iten, sliepen en troch de bosk drave. Sels hâld ik ek wol fan dy dingen, al bin ik leaver in moai ein te kuierjen. Ek meitsje ik in podcast en skriuw ik boeken.



Dit nûmer giet oer de iere midsiuwen: de tiid fan kening Redbad, fjildslaggen, âlde munten en spannende hannel. Op de foarkant stiet Minke, dy't meispile yn in echte searje oer Redbad. Genôch moais te lêzen dus! En hast efkes gjin sin om te lêzen? Gjin probleem, der steane ek in hiel soad moaie plaatsjes yn.

Groetnis,

Gabrielle

Poster

By dit tema is in spesjale Tsjil Tsjekt searje makke oer Redbad. Hingje de poster op yn skoalle en doch mei oan dit geweldige ynteraktive programma fan Omrop Fryslân! Wolst noch mear leare oer de tiid fan Redbad? Neist dizze Tsjil en de Tsjil Tsjekt ôfleveringen is der lesmateriaal beskikber, kinst it stripboek 'Redbad' fan Skelte Braaksma lêze en kinst nei de Redbad tentoanstelling yn it Fries Museum komme.



Kening

De iere midsiuwen?
Efterlike tiid.
Se koene amper skriuwe.
It gie der barbaarsk oan ta.
Ferearing fan natuergoaden.
Offers, ek minsken en sa.

Mar se hiene wol in kening
dêr't de Franken it foar yn 'e broek diene.
Jou mar ta.
De kening fan it lân,
fan de Denen oant it Frankeryk.
Jaha!
Dat is hiel wat mear lân,
as Fryslân no hat.
Tsja.....
En se neame de Noardsee,
no ek net mear de Fryske see.
Just saying.

Ik sjoch jimme tinken.
Witte jimme wat Fryslân nedich hat?
Krekt, in kening/keninginne*
Ik wurd de nije Redbad!

**Brûk wat fan tapassing is*



Aktrise Minke gie werom yn de tiid



Minke (11) wennet yn Mantgum en sit yn groep 8. Se hâldt fan aktearjen en spile koartlyn mei yn de nije searje *Redbad*. Dêr fertelt se graach mear oer!

Hoe bist by de searje Redbad telâne kommen?
'Ik die mei oan it Berneiepenloftspul (BIS). De makker fan *Redbad* seach my dêr en se sochten tafallich noch in famke foar de searje. Doe hawwe se my belle oft ik meidwaan woe. Dat like my hiel leuk, dus ik sei fuortendaliks ja!'

Moast audysje dwaan?
'Nee! Foar BIS hie ik al in strange audysje dien. Dêrom krige ik de rol fuort.'

Wa spilest yn de searje?
'Ik spylje de dochter fan in hanneler dy't op reis giet.'



Hoe seach in dei filmjen derút?
'Om njoggen oere moast ik yn it museum yn Furdgum wêze. Dêr mocht ik earst mei Yfke, dy't ek in rol hie, efkes omsjen. Dêrnei mochten wy in jurk útsykje. Ik keas in blauwe jurk. Se dienen myn hier en doe begûnen de opnames. Alle opnamen wiene yn ien moarn klear. Ik moast yn myn rol mei myn heit meirinne om him út te swaaien. Myn tekst is letter yn in studio ynsprutsen, dus ûnder it filmjen hoegde ik allinnich mar 'okee' te sizzen.'

Wat fûnst it moaiste oan it filmjen?
'Ik soe it sa wer dwaan! Ik fûn it hiel leuk dat it ferhaal him yn de tiid fan de Fikingen ôfspilet. By BIS spylje wy in modern ferhaal mei sjongen en dûnsjen, dus dit wie hiel oars.'

Wat fynst leuker: toaniel of film?
'Film! Ast in flater makkest, kinst de sêne gewoan opnij opnimme. By toaniel kin dat net, want dêr is alles live.'

Wat fine se der op skoalle fan?
'Ik moast der in dei foar frij nimme. Myn freonen fine it wol hiel leuk en de masters en juffen ek. Dy binne grutsk dat in bern fan ús skoalle oan sokke projekten meidocht.'

Hast noch mear hobby's?
'Ik spylje gitaar, keats, doch oan shorttrack, reedriden en skeelerjen. Ik fyn it ek leuk om te farren, te gamen, te floggen en fansels om te aktearjen.'

Wat wolst letter wurde?
'Ik wol graach moadeûntwerper wurde. Mar aktearje yn grutte musicals of films liket my ek geweldich. Ik skriuw ek wolris eigen ferskes en miskien wurdt ús band *The Fallen Stars* letter wol hiel bekend!'

Redbad: kening fan de Friezen

Hasto wolris fan *Game of Thrones* heard? Yn dy searje stride ferskillende keningen tsjininoar yn midsiuwske klean. Fryslân hie yn de midsiuwen ek in kening: Redbad. Wa wie dy kening Redbad eins?

Yn de sânde en achtste iuw nei Kristus wenje yn Nederlân ferskillende groepen minsken. Yn it noarden en westen de Friezen, yn it easten de Saksen en yn it suden de Franken. It binne lytse keninkrykjes. Troch oarloch winne of ferlieze se geregeld gebiet. Fryslân is yn dy tiid op syn grutst: it Magna Frisia leit oan de hiele Noardseekust, fan België oant Denemarken ta. Al binne de gelearden it dêr trouwens net altyd oer iens.



Heidenen
De Friezen leauwe yn natuergoaden, dy't se regelmjittich offers bringe. Se binne benaud dat as se de goaden net te freon hâlde, dy lilk wurde. En dan kinne je rekkenje op straf: honger, min waar of sykte.

Slach by Doarestêd
De Friezen binne echte hannelers. De grutste hannelsstêd is Doarestêd (by Utert), in stêd dy't elk graach ha wol. De Friezen hawwe Doarestêd earder op de Franken ferovere. Om 680 hinne wurdt Redbad kening fan de Friezen. Hy moat neat fan de Franken hawwe, om't se it kristlik leauwen ferspriede. Yn 689 komt der in grutte oarloch. Under lieding fan Pepijn van Herstal besykje de Franken om Doarestêd wer yn hannen te krijen. Se winne en sa krije de Franken hast hiel Fryslân yn besit. As Pepijn yn 714 stjert, wit Redbad noch ien kear it gebiet te feroverjen. Hjoed-de-dei hjit Doarestêd Wyk bij Duurstede.

Heiden of kristen?
It ferhaal giet dat Redbad yn syn lêste jierren besite hân hat fan pryster Wulfram. Hy wol de Friezen graach kristen meitsje. Kening Redbad is, no't er âld en min is, nijsgjirrich wurden nei de himel. As er him hast troch Wulfram dope lit, tinkt er ynienen oan syn heit en pake. 'Dyn foarâlden binne yn 'e hel, do sjochst harren net wer', seit Wulfram. 'Lit dat dopen dan mar sitte', seit Redbad en rint fuort.



Tekst: Froukje Sijtsma



Strjitnammen yn de wyk Middelsee

Eltsenien hat in adres, wennet oan in strjitte of leane yn in wyk. Der wurde soms hûnderten huzen tagelyk boud oan allegear nije strjitten. Dy wyk kriget in namme en de strjitten yn de wyk krije dat ek. Sa giet it yn Ljouwert ek.

Oan de súdkant fan Ljouwert wurdt in hiele grutte wyk boud mei mear as 4000 huzen. Dy wyk hat de namme Middelsee. De wyk tanket dy namme oan in grutte midsiuwske see-earm. Dy see kaam tusken Amelân en Skylge Fryslân binnen en gie djip de provinsje yn, oant Snits en Boalsert ta: de Middelsee. Dy stêden, mar ek Ljouwert, leine eartiids oan see. De Aldehou stie oan 'e râne fan de Middelsee. De nije wyk leit op de boaiem fan dy eardere Middelsee. De see bestiet al lang net mear, mar soms kinst noch wol oan it lânskip sjen dat er der west hat. Tink mar oan de Slachtedyk, dy't eartiids brûkt waard om it seewetter tsjin te hâlden. In protte strjitten yn dizze nije wyk krije nammen út de histoarje fan de Middelsee: de midsiuwen. It giet dan om nammen fan histoaryske figueren, folken en oare saken. Der binne strjitten as Redbadwei, Karolingen, Asega, Fibula, Floreen, Skelta, Leppa en Gritenij. Farre kin men op de Middelseefeart.

Ek is der in strjitte dy't Felling hjit, in âlde namme foar mienskiplik fjild. Midden yn Middelsee komt it Redbadpark, in grut park mei kuierpaden, boartersplakken en ferbliuwsplakken foar jong en âld.

Utsein de histoaryske lokaasje wurdt it in bysûndere wyk, want der komme in treinstasjon, moetingsplakken, winkels en bushaltes. Mar ek sporthallen en in museum. Je soene it eins in doarp neame kinne. It wurdt in duorsume wyk mei in protte romte foar kuierders en fytsers en sa min mooglik auto's. Fierder in ferskaat oan huzen, foar jong en âld, keap- en hierwenten en in protte grien.



Sydstrjitsje



Op it plak dêr't yn de tiid fan kening Redbad skippen fearne, de see wyld tekeargie en allerheislikst fochten waard, kin men no hiel noflik, duorsum wenje. Yn de glossy folderkes stiet: 'Middelsee is de wijk van de toekomst!' De nammejouwing fan de strjitten soarget der lykwols foar dat ek yn de takomst de rûzige midsiuwen net fergetten wurde.

Fragen nei it lêzen

1. Hoe komme nije wiken en strjitten oan harren namme tinksto?

2. Asto in strjitnamme betinke meist, wat soe dat dan wêze?

3. Wennesto ek yn in wyk? En hat de namme fan dy wyk te krijen mei de strjitnammen? Soe dat helpe om it paad te finen ast ferdwaald bist?

4. Kinsto útsykje wat de strjitnammen yn Middelsee betsjutte: Redbadwei, Karolingen, Asega, Fibula, Floreen en Gritenij?

Troch: Youvan Bergsma - Foto's: Mitch de Pon, Gemeente Ljouwert

Redbad spektakel



Juf klapt yn ‘e hannen. ‘Jonges, we sille begjinne. Wouter giesto ek efkes op dyn plak sitten?’
Wouter sjokt nei syn plak ta en lit him op de stoel falle. Juf dielt skripts út.
‘Hjoed begjinne we mei it toanielstik oer Redbad’, fertelt juf. ‘We sille earst de rollen besprekke.’

Wouter sjit oerein mei it skript yn ’e hân. Mei in wip stiet er op ’e tafel.
‘Ik bin Redbad, kening fan Magna Frisia! Ik hearskje oer it ryk fanôf it lân fan de Denen oant it Frankeryk ta. Ik bin kening fan alle lannen lâns de kust fan de Fryske see. Ik bin machtich en ûnoerwinlik.’
Wouter swaait wyld mei de earm en stekt it boarst foarút.
‘Wouter!’ Juf sjocht him strang oan. ‘Kom ris fan de tafel ôf! In wiere kening hat gjin tafel nedich om te hearskjen.’
Wouter klimt laitsjend fan de tafel ôf.

‘As Wouter te plak sit, dogge wy in foarstelrûntsje. Jimme kinne de rolferdieling op it foarblêd sjen. Om barren graach efkes stean gean en de tekst by dyn rol foarlêze’, seit Juf.
‘Sjoukje, wolsto begjinne?’
Sjoukje knikt en komt oerein. Se kriget har sjaal en hinget him as in sluier oer har krollen hinne.
‘Ik bin Freyja’, seit se op in soele toan. Goadinne fan de leafde, kreazens en fruchtberens. Redbad en syn folk oanbidde my. De freed is nei my ferneamd.’
Wouter springt op en smyt him sels oan ’e fuotten fan Sjoukje. ‘O moaie goadinne fan de leafde, jou my in tút, ik smeekje jo!’ Wouter tuitet de lippen en sjocht Sjoukje mei knipperjende eachteisters oan.

‘Gjin tuten foar oanstellers.’
Sjoukje lûkt har skonk hastich fuort, wêrtroch’t Wouter omfalt. De klasse gniist.
‘Wouter, op dyn plak bliuwe.’ Juf sjocht no wat lilk. ‘Dit is de lêste kear, oars moat ik dy as kening ûntslaan.’
‘Mar ik libje my yn juf’, seit Wouter beteutere. ‘Dat is hiel wichtich foar in akteur.’

‘Wytse, do bist oan bar’, seit juf.
Wytse giet gewichtich stean. ‘Ik bin Wytse Wodan. God fan de wiisheid, oarloch en magy. Mei in fleuchje poëzy’, rapt Wytse. Hy makket gebearen en einiget mei in beat.
De klasse joecheit en applaudissearret. Ek juf klapt mei. ‘Hiel goed dien Wytse. Wy kinne wol in Wodan brûke mei in moderne tint.’
‘Jasper, lit ris sjen watsto yn de oanbieding hast’, seit juf.
‘Wachtsje efkes.’
Marjan springt op en rint nei Jasper ta. Se hat in eachpotlead beet. Mei in pear streken tekent se by Jasper bliksemskichten op de wangen.
‘Sa, do bist der hielendal klear foar’, seit Marjan.
Jasper tsjekt it gesicht op syn tillefoan. Hy knikt tefreden en komt oerein. ‘Ik bin Donar de god fan tonger, ûnwaar en beskerming. Ik reizgje troch de loft op in striidwein, dy’t lutsen wurdt troch twa magyske bokken. De tongersdei is nei my ferneamd.’ Lêst Jasper foar.
‘Dankewol Jasper,’ seit juf. ‘Floris, do bist oan bar.’



Ek Floris stiet gewichtich op. ‘Ik bin de Frankyske kening Pepyn. De fijân fan Redbad. Ik wol safolle mooglik lân fan Redbad feroverje en ik wol dat elkenien him bekeare lit ta myn leauwen.’
‘Hiel goed’, knikt juf. ‘Dan hawwe wy noch de krigers fan Redbad. Dat binne Jasmijn, Fleur, Hidde, Jurre, Mirjam en Jinte. Juf lit de eagen troch de klasse gean. ‘Dy fjochtsje tsjin de Franken. Dat binne Jelte, Welmoed, Hugo, Elske, Maartje en Karlijn.’
‘Juf, der is tillefoan foar jo.’ Fedde fan groep 5 stiet by de doar.
‘Betanke Fedde, ik kom deroan. Jonges jimme lêze fêst it skript troch, ik kom sa werom.’

‘Ik ferklearje jimme de oarloch!’ raast Wouter as juf krekt in pear tellen fuort is. Wouter hat it skript ta syn rol makke en giet kening Pepyn te liif.
‘Ik sil dy krije, heidenske kening datst bist.’ Ek Floris hat in rol fan it skript makke en slacht werom.
‘Franken, help my’, ropt kening Pepyn.
De hiele klasse springt op. De Franken, de krigers fan Redbad mar ek de goaden en sels de bern sûnder rol werpe harren yn de striid.
‘Ik sil jimme pakke!’ raast Wouter. Hy draaft efter goadin Freya en kening Pepyn oan. De Franken Jelte en Karlijn sette de efterfolging op Redbad yn.
‘Fang de kening!’ ropt Karlijn.
Hjir en dêr falle slachtoffers. God Wodan sit boppe op Marjan en kidelet har.
‘Hâldt op!’ ropt Marjan, ‘ik pisje hast yn ’e broek’.



Koart ferhaal

‘Wat is hjir te rêden?’ Master de Jong stapt ta de klasse yn.
Wouter draaft op him ta en ferskûlet him efter master.
‘De Franken falle oan master!’ ropt Wouter wylst hy sa no en dan úthellet nei Karlijn. ‘Ik bin it, kening Redbad. Help my!’
Mei in hurde mep rekket Wouter Karlijn op ’e holle. Karlijn hapt nei azem en falt dan rocheljend op ’e skuon fan master De Jong.
‘No no, wat is it wat’, seit master ferbjustere.
‘Ik sjoch it al. It is mar goed dat we tsjintwurdich gjin fjildslaggen mear hawwe yn Fryslân. Want in kening dy’t him efter in master ferskûlje moat, is in ferlerne saak.’



Troch: Berber Splietthoff - Yllustraasjes: Sietske Harkema

Redbadtsjerke

Yn Jorwert stiet in hiel bysûnder tsjerkje: de 900 jier âlde Redbadtsjerke. It is ien fan de âldste gebouwen yn it doarp. De namme hat te krijen mei kening Redbad, de hearsker fan Fryslân. De tsjerke wurdt net mear brûkt foar gewoane tsjerketsjinsten. Tsjintwurdich kinne der konserten, feesten en oare bysûndere aktiviteiten hâlden wurde. En ast letter trouwe wolst, kinst dat hjir ek dwaan! Frijwilligers soargje derfoar dat it tsjerkje moai bewarre bliuwt.

(foto Jan de Boer fia friesland.nl)



Skeatta

Hoe betellen minsken yn Fryslân mear as 1300 jier lyn? Mei in skeatta! Dat wie in lytse sulveren munt fan mar sa'n 12 milimeter grut. De munt waard om it jier 700 hinne brûkt yn Fryslân, mar ek yn Ingelân en Jutlân. Op guon skeatta's steane runen of bysûndere figueren. De namme skeatta komt fan in âld wurd foar rykdom. En it Fryske wurd skat komt fan skeatta. In skat op in hiel lyts muntsje dus!



Wenje op in eilân

Yn de tiid fan Redbad wie it altyd in striid om drûge fuotten te hâlden, seker ast by de see yn 'e buert libbest. Foar guon minsken jildt dat noch alle dagen. Op de terp fan it Dútske eilân Süderoog wennet ien húshâlding. Sy wurkje foar de kust- en natuerbeskerming en hâlde op har histoaryske buorkerij seldsumme skieppe- en pikerassen. By heech wetter leit der sân kilometer see tusken Süderoog en it folgjende eilân Pellworm. By leech wetter komt de postboade kuierjend troch it slyk de post delbringen.



Sinnefertsjustering

Lokwinske! Asto op it goede plak wiest, hasto in sinnefertsjustering fan hast 90% meimakke. Dat kin kening Redbad net sizze. Neffens de NASA wiene der yn de achtste iuw twa spektakulêre sinnefertsjusteringen mar dat wie yn 733 en 764, doe libbe Redbad net mear. Fansels hie hy it ek net sjen kind. Mei it bleate each is it net moogliik en hiel gefaarlik foar de eagen. En spesjale eclipsbriltsjes hiene se yn dy tiid noch net.


Foto: Rob van der Rol

Runen

Op fakânsje yn Sweden seach ik se: âlde stiennen mei frjemde tekens deryn. Dat wiene runen! Minsken brûkten runen eartiids om te skriuwen. De Fikingen brûkten in rune-alfabet mei mar 16 tekens. Mar wisto dat der ek Fryske runen wiene? Yn Fryslân binne ferskate foarwerpen fûn mei runen deryn, lykas kammen en munten. Der binne ferskillende rune-alfabetten, allegear mei har eigen tekens. Hoe soe dyn namme derút sjen? Sykje mar ris in rune-alfabet op!



Redbad yn it museum

Hoe soe it wêze om werom te gean yn de tiid, nei de wrâld fan kening Redbad? Yn it Fries Museum kinst dy wrâld no sels ûntdekke. Sjoch nei âlde wapens, sieraden en oare bysûndere fynsten út de sânde en achtste iuw. Untdek hoe't minsken doe wennen, reizgen en goaden ferearen. Mei archeologyske fynsten út Nederlân, Dútslân en Skandinavië komt de tiid fan Redbad wer ta libben yn Ljouwert.



Bysûndere fynsten

Troch de drûchte yn de simmer wie it wetterpeil yn rivieren en marren útsûnderlik leech. Hjirtroch binne der hjir en dêr bysûndere dingen boppe wetter kaam. Yn de Donau yn Bulgarije binne de bonken fan in jonge mammoet bleatlein. Dy hat der miskien al wol 10.000 jier lein. Yn dyselde Donau, mar dan yn Servië hawwe se sonken oarlochsskippen út de Twadde Wrâldoarloch fûn.



Nuvere treinfertraging

In Dútske sneltrein fan it waadeilân Sylt nei Berlyn hie yn de simmerfakânsje in bêste fertraging. De reden? It húskepapier wie op Sylt net byfolle en wie healwei de rit op. De trein makke in stop foar Hamburg sadat de kondukteur nei de supermerk koe. Doe't de wc-roltsjes te plak hongen, koe de trein wer fierder. De reizgers wiene tige bliid en de kondukteur waard meiwurker fan de moanne by de Dútske spoarwegen.



Troch Gabrielle Terpstra en Tjitske van Akker

De munt, de stêd en de iisko

In ferhaal oer in âlde stêd dy't ferdwûn





It is hjerstfakânsje. It is 19 oktober en noch hieltyd 20 graden! Lobke wol wol in iisko. Mar mem is thús oan it wurk. Neat oan! Juster hat se mei it buorfamke nei de bou ta west. It bouplak, dêr't nije huzen komme. Dêr is it altyd spannend. Lekker yn de modder boartsje, ek al mei dat eins net fan mem. Hjoed is it buorfamke mei fakânsje. Dan sil se der sels mar hinne.

Lobke giet nei it plak dêr't krekt grutte peallen de grûn yn slein binne. En ynienen sjocht se wat glinsterjen. As se it oppakt is it in skyfke, mei frjemde tekens derop. In munt kin se it net echt neame, want der steane gjin sifers op. It fielt swier. Faaks is it in biddeltsje fan in ketting of sa. Mar der sit gjin gatsje yn. Foar de wissichheid nimt se it dochs mar mei.

'Mem, wit mem wat dit is?' Eins wol mem net steurd wurde, dochs as mem efkes opsjocht fan it wurk, wurde har de eagen grut.
'Wêr hast dy fûn?' Lobke hellet de skouders op.
Se wol net dat mem wit fan de bou.
'Gewoan', seit se dan ek mar. 'Wat is it mem?'
'Dat liket wol in *skeatta*!' 'Wat wit mem altyd in soad! Wat mei in skeatta wol net wêze?' 'Dat is in munt, in Aldfryske munt, út Doarestêd. We moatte dermei nei it museum!'

De man fan it museum is ek entûsjast. Hy leit út dat de munten yn Doarestêd slein waarden. Doarestêd wie doe de haadstêd fan Fryslân. Fryslân wie doe folle grutter as no. Hy lit it sjen op in kaart.





De haadstêd fan Fryslân wie om 600 hinne yn Utert! Der wie in grutte kening fan Fryslân *Redbad* en dy hat Fryslân doe sa grut makke. En Doarestêd wie sels de grutste stêd fan hiel Europa.

Doarestêd lei by in splitsing fan de rivier de Ryn. Dat wie in handich plak foar hannelers. Minsken út de wide omkriten koenen it maklik befarre. It wie in plak mei in eigen muntmaster. En sa hie Doarestêd dus syn eigen munt. Earst gouden munten en letter de skeatta's, dy't Lobke fûn hat. Op de iene kant is neffens de man in kop te sjen. Mar Lobke fynt it mear in stikelbarchje. En op de oare kant in fjouwerkant. 'Dizze munten kinst troch hiel West- en Noard-Europa wol fine. Mar dat bart fansels net sa faak.' It blykt in sulveren munt te wêzen.

De man seit dat ús wurd 'skat' nei alle gedachten komt fan de namme fan dizze munt. Hy fertelt dat minsken, om't se fan allegearre gebieten yn Doarestêd byinoar kamen, wurden út inoars taal oernamen. Lobke kin wol sjen hoe't fan skeatta skat makke wurde kin. Mei hokker wurden soe dat noch mear sa west hawwe?

'Doarestêd waard in hiel ryk en populêr gebiet', giet de man fierder. 'Mar dat lûkt ek fijannen oan fansels.' Lobke knikt, dat kin se har wol foarstelle. 'En sa'n stêd oan it wetter is dreech te ferdigenjen. Sa as by de slach om Doarestêd. De Friezen wienen oan de iene kant fan de rivier, de Franken oan de oare kant. Doe't Redbad yn Doarestêd wie, omsingelen de Franken de stêd en namen dy yn besit. Ynearsten betsjutte dat net dat de Friezen minder macht hienen, hear, yn it gebiet dat no Utert is. Redbad hat besocht de beide kanten byinoar komme te litten, troch syn dochter trouwe te litten mei de soan fan de hofmeier fan de Franken; Pepijn. Doe't dy soan úteinlik stoar en Pepijn in oare lieder oanwiisde, kaam der in boargeroarloch by de Franken. Redbad seach kâns en ferovere Doarestêd. Lykwols, doe't er ek noch Frankryk feroverje woe, stoar hy sels.'

'Doarestêd kaam wer yn hannen fan de Franken. Mar de rivier fersâne, sadat grutte skippen der net mear trochhinne farre koenen. Sa waard Doarestêd lytser en lytser, oant de grutste hannelsstêd fan hiel Europa úteinlik folslein ferdwûn.'

De munt moat yn it museum bliuwe. In bytsje spitich fynt Lobke it wol. Se hie de munt graach hâlde wollen as dy sa spesjaal is. Dan moat se ek noch sizze wêr't se him fûn hat. Hiel presys. It hat net allinnich te krijen mei dat der besocht wurde moat oft der noch mear te finen is, mar ek mei de wearde fan de munt. De helte fan de wearde sil betelle wurde oan Lobke, de oare helte oan de grûneigener. De munt sil nei alle gedachten tusken de 150 en 220 euro wurdich wêze! Mei in reade holle fertelt Lobke fan de bou. Se doart mem hast net oan te sjen. Gelokkich is dy net lilk. 'Dan hawwe wy wol in iisko fertsjinne', laket mem. En se jout Lobke in 2 euro munt.

Troch: Lara Kool - Yllustraasjes: Dorestadonthuld.nl

IT TSJILLE NIJS FAN TSJIL

We starte it nije skoaljier fuortendaliks grut: fan it grutte Fryske keninkryk fan Redbad oant in folslein fernijde webside. Der komt wer in soad moais oan by Tsjil en dêr nimme wy dy graach yn mei.

Yn de tiid fan kening Redbad

Doarsto mei op tiidreis nei de midsiuwen? Yn de nije Tsjil Tsjekt-special komst alles te witten oer Redbad, de kening fan it Fryske keninkryk om it jier 700 hinne. De Friezen hearsken doe oer in grut gebiet, mar der wie ek gefaar: de Franken stienen oan de grinzen. Redbad moast syn folk ferdigenje en fjochtsje foar syn macht. Yn fjouwer ynteraktive ôfleveringen mei fideo's en fragen dûkst yn dizze spannende tiid. De rige is makke yn gearwurking mei it Fries Museum, dêr't ek in eksposysje mei echte foarwerpen út dy tiid te sjen is.







Spylje en ûntdek op de nije Tsjil-side

Der is ek grut nijs online: Tsjil komt mei twa hielendal fernijde websiden! De algemiene Tsjil-side krijt in frisse, nije look. Dêrtroch kinst dyn favorite programma's no noch makliker fine. Ek Tsjil Tsjekt wurdt fernijd. Der komme nije fraachsoarten, nije spultsjes en nije wizen om te spyljen. Fansels kinst ek wer pompys fertsjinje! En hiel nij: in live ranglist. Dêr kinst it hiele skoaljier sjen hoe't dyn klasse it docht yn ferliking mei oaren. Wa einiget boppe-oan?

Troch: Nienke Turkstra | foto's: Omrop fryslân



East-Yndyske kers

de stoere ridder fan de tún!

Nederlânsk:
Oost-Indische kers
Latyn:
Tropaeolum majus
Ingelsk:
Nasturtium

Dizze kear hawwe wy it oer de East-Yndyske kers. Dat is in plant mei prachtige blommen yn fleurige kleuren lykas giel, oranje en read.

De Latynske namme fan de East-Yndyske kers is *Tropaeolum majus*. It wurd *Tropaeolum* komt fan it Latynske wurd *tropaeum*. Dat betsjutte eartiids in oerwinningsteken. Nei in oerwinning hongen Romeinske soldaten bygelyks in helm, it skyld en it swurd fan de fersleine fijân yn in beam. Sa koe elkenien sjen dat sy wûn hiene.

Fan dat wurd *tropaeum* komt ek ús wurd *trofee*. Tink mar oan in beker of priis dy't sporters krije as se in wedstriid winne. Sa as in fuotbalteam dat in grutte trofee omheech hâldt nei in kampioenskip.

Mar wat hat dat mei de East-Yndyske kers te krijen? Sjoch mar ris goed nei de plant. De rûne blêden lykje in bytsje op skylden. De blommen lykje op helmkes. Dêrom fûnen minsken eartiids dat dizze plant harren tinken die oan in oerwinningsteken.



De East-Yndyske kers hâldt fan klimmen. As er neat hat om tsjinop te klimmen, krûpt er oer de grûn. Soms groeit er sels sa hurd, dat er oare planten hielendal bedekt.

Handige plant
De East-Yndyske kers is net allinnich moai, mar ek hiel nuttich. De plant befettet in soad fitamine C. Fitamine C helpt dyn lichem sûn te bliuwen en stipet dyn ôfwar tsjin sykten. Stoffen yn de East-Yndyske kers kinne ek baktearjes remje. Dêrom wurdt de plant al hiel lang brûkt as genêskrêftich krûd. De oarspronklike bewenners fan Súd-Amearika brûkten bygelyks in blêd op in wûntsje as dat begûn te ûntstekken.

Yn de grientetún is de East-Yndyske kers ek handich. De plant lûkt blêdluzen en rûpen oan. Dêrtroch bliuwe oare grienten soms better beskerme.

Opite?
Jawis! Fan de East-Yndyske kers binne de blommen, blêden en siedden te iten. De blommen en blêden smeitsje wat pittich, lykas radys. It sied is noch skerper fan smaak. Dêrom kinst dat better foarsichtich priuwe.

De blommen binne prachtich as fersiering yn in salade. Se meitsje in board fuortendaliks fleuriger. Kinst de blêden fynsnije en troch de salade minge. De blommen kinst ek folje mei roomtsiis of hûning.

Ta beslút
De East-Yndyske kers is in bysûndere plant. Hy is moai om te sjen, lekker om te iten en nuttich yn de grientetún. En it moaiste is: hy bringt mei syn fleurige blommen kleur yn elke tún!

Troch: Tjitske Postma – Adema, foto: Shutterstock

Natuer yn Redbad syn tiid

Tsjintwurdich moat alles gau. It leafst hie men it juster al klear. Mar yn de tiid fan kening Redbad wie dat grif oars. Ek doe moasten minsken hurd wurkje, mar it libben seach der hiel oars út as no.



Sjoch mar ris nei in lânkaart fan Fryslân út dy tiid. ‘Hoesa lânkaart? Der is hast allinnich mar wetter!’ En dan hast gelyk. Der wie folle mear wetter en folle minder lân as no. Grutte gebieten stienen geregeld ûnder wetter. Minsken wennen op terpen om drûge fuotten te hâlden. Fryslân bestie noch net yn de foarm dy’t wy no kenne. De natuer hie de oerhân. Hoe soe dat west hawwe foar de fûgels? Ik tink dat der doe in protte wetter- en waadfûgels west hawwe. De see hie frij spul en der wiene in soad plas-drasgebieten.

Letter feroaren minsken it lân. Terpen waarden diken en de see waard stadichoan weromdreaun. Der kaam mear lân en minder wetter. Dat wie goed foar de minske, mar miskien net foar alle fûgels. Nim bygelyks de skries, ús ‘Kening fan de Greide’. Dy libbe yn Redbad syn tiid fêst ek al yn Fryslân. Foar de skries wie der doe grif genôch wetter en fretten. Der wie minder lânbou, der wiene gjin swiere masines en der wiene wis oare krúdachtige planten. En folle mear rêst.

Tsjintwurdich brûke wy it lân oars. Wy hawwe in soad leard en kinne problemen oplosse mei nije kennis en technyk. Mar soms ûntdekke wy ek dat wy wat kwytrekke binne. Want wy ferjitte wolris dat in fûgel ek beskate omstannichheden nedich hat om te oerlibjen. Plas-dras gebieten bygelyks! Fûgels lykas de skries hawwe bepaalde omstannichheden nedich om te oerlibjen, lykas fochtige greiden. Dêrom lizze wy no wer sokke gebieten oan, mei krûderyk gerslân. Sa besykje wy de skries te helpen. Miskien hawwe wy dochs wat leard fan it ferline. Ut de tiid fan kening Redbad. Ik hoopje it. Ek foar dy oare kening, ús skries. Oare tiden, oare problemen, oare oplossingen. En wa wit komme jim letter wol mei de bêste ideeën foar de natuer fan de takomst! Meitsje der wat moais fan! Foar de natuer, foar de minsken. Foar ús allegearre.



Troch: Rob van der Rol - Skilderij: Furkan Yeşilyurt

Puzelside

Trochstreekpuzel

Dizze puzel stiet fol mei wurden dy’t mei Redbad en Fryslân yn de midsiuwen te krijen hawwe. Streekje de wurden út de list troch as’tst se fûn hast. De letters dy’t oerbliuwe foarmje in wurd. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de hjerstfakânsje nei **tsjil@cedin.nl**. Graach wol efkes dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje sette.

H	A	V	E	N	S	A	M	B	A	C	H	T
S	G	I	L	D	E	P	R	E	D	B	A	D
F	I	S	K	E	R	IJ	E	K	R	Y	N	L
D	F	H	B	K	F	K	U	S	T	K	N	D
K	M	E	S	E	E	R	Û	T	E	E	E	O
A	I	R	K	B	L	A	A	G	M	R	L	R
S	D	A	I	E	O	Ê	P	C	O	U	IJ	E
T	S	L	P	D	A	L	S	F	H	U	N	S
I	I	D	P	W	D	P	W	T	A	T	D	T
E	U	Y	E	Â	E	E	M	U	I	R	I	A
L	W	K	R	L	L	N	R	A	R	N	D	D
K	E	N	I	N	K	R	Y	K	N	K	G	IJ
T	N	F	Ê	S	T	I	N	G	S	T	Ê	D

ADEL
AMBACHT
BELÊSTING
BOLWURK
DORESTAD
FISKERIJ
FRACHT
FÊSTINGSTÊD
GILDE
GOUD
HANNEL
HAVEN
HERALDYK
KASTIEL
KEAPFARDIJ
KEAPMAN
KENINKRYK
KUST
MERK
MIDSIUWEN
MUNT
REDBAD
RIDDER
SEERÛTE
SKIPPER
SPESERIJ
WÂL

Antwurd:

De priiswinner fan de lêste puzel foar de simmerfakânsje is **Myrden van der Veen** (doe groep 6B) fan **IKC Maxima te Ljouwert**.

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie: **arranzjemint**

Ri-ra-riedsel

Wêrom struit in bioskoopmeiwurker piper op de projektor?

Antwurd: Sadat elkenien de film skerper sjen kin.

Mopke fan Lobke

Sandra en Myrthe rinne oer strjitte. Ynienen seit Sandra: ‘Ik woe dat ik libbe yn de midsiuwen.’ ‘Wêrom dat dan?’, freget Myrthe. ‘Dan hie ’k no gjin skiednis hoegen te learen’, antwurdet Sandra.



Sudoku

7	3		4			2		
5		6				9		4
				2	6	1	3	
1		8	9	5		6	4	3
	4			8		5		
9		2	3	6			1	
4	8	5			9		6	
2			6	3				9
3			5			8	2	7

Troch: Lobke en Elske Attema

BAUKE NYNKE EN BRAM













Troch: Reinoud Bekkema